

Bêste minsken,

It jier rint al wer aardich oan syn ein. It liket oft it hieltyd hurder giet. Wat sil it foar in winter wurde ? Wy moatte it mar ôfwachtsje.

Lykas jimme fierderop yn it krantsje lêze kinne is Geecke Sybesma ferstoarn. Hy is noch in skoft foarsitter fan ús krite west, de measten fan ús leden sille it noch wol witte. Hy kaam net folle mear op 'e kritejûnen. Dat slagge him net mear. Wy winskje sibben en benammen ús bestjoerslid Fimke van der Meulen in soad sterkte ta ! Der bart fan alles yn in jier. Foar de ien aardige dingen, foar de oare somtiden yngripende sitewaasjes.

No it bestjoer besletten hat foarearst fierder te gean mei de krite, binne wy al wer drok dwaande mei it winterprogramma. Wy hoopje op in grutte opkomst by it stampotbuffet mar ek by de oare middeis of jûnen.

It wie wer tige gesellich mei Bennie Huisman ! As men dan sa sit te harkjen nei muzyk en sang fan moaie ferskes tink ik soms wêr meitsje ik my sa drok oer.

Jim ha allegear it stikje yn de krante lêzen, dêr 't ik in petear hie mei in ferslachjouwer fan it 'Dagblad van het Noorden'. Net negatyf bedoeld, earder realistysk, wy woene der eigentlik mei ophâlde. Mar dat is no net mear fan belang. WY GEAN TROCH ! Us útgongspunt is : hoe kinne wy it foar ús kriteleden sa moai, gesellich en nijsgjirrich mooglik meitsje. Noch even in pear rigels út myn gedichtsje fan ferline jier:

Wy witte net wat it nije jier ús bringe sil
Soms binne wy blier en soms wanmoedich stil
want els fan ús makket wol wat mei
mar foar sommigen is der net wer in nije dei.

Oant sjen op it nijjersbuffet !

Ik winske jimme allegear folle lok en seine foar 2020.

Groetnis, Greta Vos (foarsitter)

**It bestjoer noaget jimme om mei te dwaan oan ús
nijjersgearthomste yn Café - Restaurant Wielens
yn Noord-Sleen op:**

tongersdei 23 jannewaris 2020

Ynrin fan 17.00 (fiif oere) ôf
Jo wurde ûntfongen mei in sûpke.
Om in oere of seis stiet d'r dan it

stamppotbuffet



foar ús klear. It bestiet út 6 ferskate
stamppotten sa as: boerekoal,
soerkoal, rauwe andyvje, hutspôt,
brune beantsjes, en in jachtgerjocht.

Der is in garnituer by fan fleis (rikke
woarst, seane woarst,
karbonaadsjes, speklapkes ensfh.)
en fansels de appelsmots, de
stoofparkes en de raukost net te
ferjitten.

En dêrnei noch de neigesetsjes

En der is fan alles genôch..... !

De jûn wurdt ôfsletten mei in kopke kofje/tee

It is de bedoeling de gongen ôf te wikseljen mei koarte bydragen (sa as wat fertelle, in ferske sjonge, in gedicht foardrage, muzyk meitsje, sokssawat) fan in tal fan ús leden, sadat it iten yntusken moai sakje kin en wy wer in tige noflike jûn belibje kinne.

De krite nimt in stikje fan de kosten foar har rekken, de kosten binne itselde als foarich jier € 21,50 de persoan .

De famylje Wielens wol fansels graach wite foar hoefolle minsken sy ynkeapje moatte. Dêrom freget it bestjoer jim, om jimme op te jaan foar 19 jannewaris 2020 by ús bestjoerslid Anneke Wieringa, tel. 0591 - 62 08 36, e-mail: awieringa2@home.nl Wolle jo dan ek oanjaan oft jo in koarte bydrage dogge ?

It wurdt fêst in tige gesellige jûn en dêrom “oant sjen op 23 jannewaris”

Hoe kom ik nei dit kritebarren ?



Foar de measte leden is dat aldergelokst gjin probleem, mar foar guon minsken is it faaks dreech om op in kritejûn te kommen. In pear fan ús leden ha oanbean om minsken mei te nimmen nei Noord-Sleen.

Dat is fan Emmen út:

- frou A. Wieringa, Arve 23, Emmen, tel. 0591- 62 08 36

En fan Coevorden en neiste omkriten út:

- A.Tuiten,Palmanovastr. 23, Coevorden, tel. 0524 – 51 37 83.

En fan Hoogeveen en neiste omkriten út:

- dhr.I.Bollema, De Zaaier 228, Hoogeveen
tel .(mobiel) 06 - 50 43 36 26

As der mear leden binne dy't (wolris) minsken meinimme kinne en wolle, nim dan efkes kontakt op mei Anne Tuiten.

Efkes foarstelle

Moast dysels mar efkes foarstelle sei it bestjoer op de earste bestjoersgearkomste. Foarstelle? Wa kin my dan net, tocht ik. Dy man dy't altyd sjongt en muzyk makket op kritejûnen en skriuwer fan 50 'frije ferhaaltsjes' yn it krantsje dêr 't ik al in hiele soart oer mysels, myn gesin en sels ús bisteboel ferteld ha.

Mar goed, efkes foarstelle dan mar.

Ik bin 63 jier lyn berne yn Feanwâlden. Myn heit wy de âldste broer fan Auke van der Veen, de man fan ús âld- foarsitter Janny. Janny wie dus myn tante.

Ik bin al sawat 43 troud mei Jikkie en wy ha twa fammen en ien bernbern. Ik ha HBO rjochten studearre en wurkje as gemeente- amtner yn Hardenberg en dêrfoar yn Coevorden. De funksje fan skriuwer is my, om sa mar te sizzen, op it liif skreaun; ik moat it mei skriuwen fertsjinje. Ik bin ek skriuwer fan it tsjerkebestjoer yn Dalen. Lokkich mei ik dêr alles yn it Nederlânsk skriuwe, dat is gek genôch dochs in bytsje makliker.

Noch in wurd fan tank oan myn foargonger Anne Tuiten. Hy hie it as skriuwer goed foar elkoar en hat my goed op wei holpen. Wa't noch mear fan my witte wol dy moat it mar freegje. Mar ik tink dat jim no wol in byld ha fan de nije skriuwer.

Oan't sjen op de krite,

Sjouke van der Veen

It optreden fan Bennie Huisman

Op tongersdei middei 31 oktober 2019 hienen wy yn seal Wielens in moaie middei mei Bennie Huisman. Der wienen sa'n 40 leden. Nei de kofje mei de altyd lekkere oranjekoek wie it wurd oan Bennie.



Bennie hie sels in lyts poadium meibrocht dêr 't er mar krekt op sitte koe efter de piano. Ik seach dat ris oan en betocht, dat dat wol ris mis gean koe, mar it wie neffens him altyd goed gien en ek in Noord - Sleen is hy der net ôfknoffele. Wat ik knap fyn. Hy hat in soad ferteld oer syn reiskes op 'e fyts !! nei Berlyn en wêrom as er sa'n ban hat mei dy stêd. Mar eins woe ik him leaver sjongen hearre en dat die hy ek prachtich, fûn ik. Mei syn (ferkâlden) bariton stim

brocht hy ferskate moaie sels skreaune lieten, mar ek besteande bekende lieten. Wy ha sels noch mei song wylst hy ús begeliede op de lukpûde. Dat die hy ek hiel moai. Dat lytse ynstrumint naam er ek altyd mei op syn reizen, sei er, it wie in soarte fan bêste freon. Sa neamde hy it ynstrumint ek, syn bêste freon. Underweis koe er dan oeral sjonge en spylje, want sa'n ding is mar lyts (hoewol, mei op de fyts !) en docht it altyd en oeral, hat gjin stopkontakt nedich.

Bennie spiele en fertelde fan alles, ek oer syn pake en it sels makke boatsje fan hout. Lek fansels, mar it woe wol farre. En oer syn beppe dy't him de leafde foar de muzyk learde. As jonkje koe er al moai sjonge en beppe fûn dat hielendal

geweldich. As er ferskes foar har song krige er in bûssint fan beppe. En foar ferskes fan Johannes de Heer krige er it dûbele ! Hy moast oan pake wol it hout foar it boatsje betelje, mar ik tink dat er it by beppe mei sjongen fertsjinne hat. Dêr ha ik dochs wat lizze litten, betocht ik my, want myn beppes koenen myn sjongen eartiids ek tige wurdearje.

It wie sa mar skoft en dêrnei hat er noch wat ferteld oer himsels, it simmerfamke fan Sânfurd, oer muzyk, tekstdichters en komponisten. It wie tige nijsgjirrich, mar it moaiste fûn ik fansels syn sjongen.

Eins fyn ik dat er wat mear ferskes sjonge moatten hie, mar ja, ik hâld no ienkear mear fan muzyk as fan ferhalen.

Nei ôfrin bliuw sawat de helte fan de minsken iten yn restaurant Wielens. Dat hienen myn frou en ik noch nea earder dien, mar ek dat wie tige bêst. Al mei al in moaie middei mei in moai en lekker ein.

Sjouke van der Veen

De fioele sjongt



De fioele sjongt
fol weemoed en sa mankelyk
ja elke kear
rekket it my wer
de sizzenkrêft,
dizze muzyk.

It giet oer dea
en oer de ein
in libben dêr 't gjin útsjoch is,
mar dochs
mar dôchs

Altyd wer hope
altyd wer sykje nei in nij begjin
dwars tsjin de ferdrukking yn

It leit yn de meldij besletten
 langstme nei better
 langstme nei letter

De fioele sjongt
 en rekket my
 djip yn it hert

Grytsje Kingma

Twa bysûndere konserten

Ik ha jim earder wol ris ferteld oer it kontakt dat ús tsjerke (Dalen) hat mei in tsjerke yn Ruse, Bulgarije. Dit jier bestiet dat kontakt tsien jier en dat moast fansels fierd wurde.

Acht minsken fan ús ha mids augustus dêr hinne west (myn frou en ik ek) en ha dêr moaie dingen meimakke. Mar dêr woe ik it net oer ha, mar oer it tsjin-besite. Ek acht minsken fan harren kant kamen begjin oktober by ús en dat moasten wy fansels organisearje.

Ik sit yn de wurkgroep dy't ferantwurdlik is foar it programma. Dy wurkgroep hie betocht, dat wy op de sneintemiddei sels wol in konsert jaan koenen. De lieding kaam by myn sjongfreondin en my te lizzen. No kaam der ek in Bulgaars famke fan noch mar 17 jier mei, dy't prachtich sjonge kin. Wy ha frege as sy ek mei ús sjonge woe yn it noch te organisearjen konsert. Dat woe sy wol, mar repetearje koenen wy fansels eins net. Wy ha har de muzyk fia ynternet tastjoerd, dan koe se alfêst oefenje. Ek fregen wy ús oargelspiler as hy wat spylje woe op ús tsjerke-oargel en as er ús ek begeliede koe op de piano. En in lid fan ús gemeente kin hiel moai dwersfluit spylje en dy woe ek wol mei dwaan. Lammy en ik ha it programma makke. Mar wy hienen mar ien repetysje.

It konsert wie eins bedoeld foar ús gasten en it eigen publyk, mar der wienen mear minsken op ôfkaam dan wy tochten.

It gie allegear goed, ek al wie de tariedingstiid mar hiel koart. It Bulgaarse famke song twa ferskes mei ús mar ek in solo lied. De titel wie 'Foar myn heit', yn it Bulgaars dan fansels. Ferstean koenen wy it net, mar jo fielden de emoasje en it wie hiel moai. Ek in famke út Dalen song in pear lieten solo. Ek dat is in Daler talintsje.

Der wienen ek gasten ut Sleen en ik leau Aalden. Dy ferwûnderden harren oer safolle muzikaal talint as der yn Dalen is. Dat is sa, en wy binne lang de iennichsten net. Fiif feansoeren ha wy mei syn allen muzyk makke. It wie eins in grut muzikaal aventoer, mar it is tige slagge.

Noch in oar konsert op sneontejûn 26 oktober wol ik neame. Ik sjong by it 'Hardenbergs Kristlik Mannenkoar'. Dat koar stiet ûnder lieding fan (fansels) in dirigint en dy man wie 35 jier 'yn it fak' en woe dat fiere mei in konsert mei al syn koaren. Dat binne der 7. Meast grutte koaren, sa as it Hollandkoar, mar ek ús koar is in grut koar. Wêr litte jo al dy sjongers?



Mei sa 'n 800 koarleden ha wy in konsert jûn yn de Doelen. Jo witte wol, it konsertgebou yn Rotterdam. Minsken, wat is dy seal grut. Der sit ek in prachtich oargel yn, dat ús fêste oargelist koe him mar útlibje. En der wie in orkest by, in pianist en in pear solisten op panfluit en fioele. In hiel spektakel en tûzend man publyk.

Al dy koaren kamen mei bussen oan, mar net allegearre tagelyks, dus dat gie wol goed. Middeis moasten wy repetearre fansels. Dat wie spannend, foar eltsenien eins. En wat ik eins noch nea meimakke ha (en ik sjong dochs ek al myn heale libben yn ferskillende koaren): it gie hast allegearre yn ien kear goed. "Neat mear oan dwaan", sei de dirigint faak. Sommige stikken sloech er gewoan oer, it gie bêst. No seit men faak dat as de generale repetyasje in rommeltsje is, de útfiering prima giet. Soe it no oarsom wêze, fregen wy ús ôf. Mar lokkich net, it wie in hiel moai konsert. Hiel bysûnder.

Doe 't it ôfrûn wie, streamt sa'n mega konsertseal yn ien kear leech. Dat wie net repetearre. It ferkear yn Rotterdam hat sawat in oere stil stien wol ik leauwe. Mar wy binne midden yn de nacht wer feilich thús kaam mei ús twa dûbeldekker bussen.

As jo it konsert besjen en hearre wolle, dan kin dat noch (tink ik). Dat fan Dalen (allinnich lûd) is te finen op de hiemside fan www.dorpskerkdalen.nl en dan - *kerkdienst beluisteren - Zondag 06 oktober 2019 om 16.52* - klik op de muzyknoaten.

En it Doelenkonsert yn Rotterdam stiet op www.beleefmee.nl Klik op 'PLAY'. It is, en net omdat ik it sis, mar echt hiel bysûnder. svdv



Limerick

Waarhoanne



de hoanne op 'e toer woe net mear draaie
 hy hie foargoed syn nocht fan altyd waaie
 sei 'k hâld der mei op
 set myn frou der mar op
 kin har hin tenei kening kraaie

Jantsje Oost

Ta oantinken

Op snein 10 novimber l.l. is ús kritelid Geecke Sybesma ferstoarn. Hy wie al in skoft siik. De lêste tiid gong er ek geastlik slim efterút.

Hy wie learaar Nederlâns oan de RSG yn Coevorden en koe moaie ferhalen fertelle; anekdoates wiene syn favoriten.

Sybesma hat in pear jier foarsitter fan de krite west, fan april 2009 oant april 2013. Ek hat hy in pear kear in kritejûn, - middei fersoarge. Fansels oer, jo begripe it al, boeken en/of skriuwers.

Hy wenne yn 'De Schutse' yn Coevorden. Us bestjoerslid Fimke van der Meulen hat jierrenlang tige wichtich foar him west en dat liet de famylje by de útfeart ek dúdlik merke.

By de begraffenis by it wite tsjerkje yn Terbant wiene uteraard Fimke en út namme fan de krite Roelie en Anne Tuiten oanwêzich.

Op de roukaart stie it neikommende gedicht fan Geecke:

Dêr leit myn deiboek iepen

haw ik dit skreaun
 dit waarme proaza
 yn dy frjemde toai?

wa bin ik winliken
 bin ik myn eigenst kwyt
 sa kwyt
 dat ik 't yntymste
 yn rykstaal sizze moat?

memmetaal
 ôfstrûpt as rûpske hûd
 in flarde bist
 in tûfke op 'e wyn
 in neat.

G. Sybesma 1998

Oaljekoeken (= olieballen).

Aldjiersdei ûnder iten sei ien fan de bern: “Bakt mem hjoed ek oaljekoeken ? “ De oaren foelen him by, in hiel koar. “Ja no, mem om ‘t it âldjier is “. Fokje lei it near op. “Nee jonges, dat dogge wy net, it is in hiele drokte en sa ‘n gegriem. Ik haw it ek net oan tiid en sûnder oaljekoeken kinne wy ek wol âldjier fiere.” It foel danich ôf, it folkje biddele troch, “Toe no mar mem “. “Nee, jonges, dêr kin ‘k net mei stean “. Mem woe der iens net mear oer prate, mar heit wie der ek noch. Krekt wat foar Ynse om de mûle der wer yn te slaan. By Ynse koe alles: kaam it faaljekant út dan hie in oar it meast dien.

“Sa’n drokte is dat no ek, net wol mem ? Op âldjiersjûn sit it mei in oaljekoek wat aardiger, dêr hawwe de bern gelyk oan. As it dy net wachtsje kin doch ik it “. “Heu, heu ! “De bern rôpen alle seis tagelyk oan ‘e lytse ta. “Hast it wolris earder dien ? “, frege Fokje.

Foar ús trouwen hawwe wy ris foar it korps oant it bakken west. Moarns seisoere wie ‘k oan ‘e gong oan middeis fjouweren, fiven ta, net ien hoecht my te fertellen wat oaljekoekbakken is “.

Fokje woe 't noch beswarre, it wie al te let. "Docht heit it ? " "Jawis jonges". Nei iten Romkje en Hylke mei in tas nei de bakker om fjouwer pûn moal, in klute gest en in healpûn krinten. "Oan fjouwer pûn hast fiersten tefolle", fûtere Fokje.

It moast by Ynse wer yn it grut.

"Dat moast net sizze Fok, wat is in oaljekoek yn in húshâding as uzes ? " "It wurk is it selde ".

Fokje sei al neat mear, se woe graach yn goedens, wol in grouwe tear boppe de noas, dat al.

"Ik sil in pear appels dobbelje, dat komt de smaak tegoeden en ik doch der fjouwer aaien troch". "Hawwe wy oalje yn 'e hûs Fok ? " "Der stean twa flesfol yn 'e kelder".

Twa flesfol is net genôch, in oaljekoek freget oalje, ik bin der noch net oan ta, de bern moatte der daalk mar om út. Hast wol in grutte panne Fok ? "

Welja, krekt oft se oars neat te dwaan hie. In skoft griemde Ynse yn 'e keuken om , it oanrjocht ûnder it moal, it lei ek op 'e flier.

"Hie 'k krekt de boel in bytsje skjien en sjoch noris ! " "Dat fei ik aanst wol op, it neamen net wurdich, it is droech spul. "

Fuort letter kaam er mei de machtige panne foar it liif yn 'e keamer. "Ik haw wol sok glêd besleek, in aardichheid, der sit net in inkeld klútsje mear yn ".

"Wat moastst der hjir mei ? " "Justjes op 'e kachel tocht ik, om it wat oan te fiterjen". "Dat kin net, sleauwe bongel dyst biste, it is fiersten te waarm ". Net leauwe wolle fansels. Ynse wist it wer better. "Silst in bytsje in loftige oaljekoek krije, dan moat it besleek goed troch rize. Besleek moat libje, wolst wat in glânzige oaljekoek ha ".

Fokje sei al neat mear. Ynse die syn dingen, de panne op 'e kachel. Sa, dêr hat er in daaldersk plak. Ik sil de oalje opsette, as dy gleon is kin 'k ek begjinne. Ast de boel goed foarinoar hast is dat hiele bakken mar in hântaast.

De oalje wie noch net iens gleon doe 't Fokje in gjalp joech út 'e keamer wei. Ynse der hinne. "Wat no ? "

In oerstallige fraach, it besleek wie oer de panne brûsd, alles oer de kachel. "Hjir dy panne". Ynse repte 'm der mei nei efteren, it besleek rûn der oan alle kanten by del.

Fokje fleach om amer en dweil, in gesicht as in tuorre. "Hoe krij ik de boel oait wer skjûn, brûk dyn ferstân dan ek !".

Ynse fage de panne út 'e rûgens wat ôf. Froulju wiene gau op ien ein, sels wie hja yn 'e keamer en it waard him foar de fuotten smiten. Se soe wol wer bekomme, earst mar bakke, de oalje wie gleonernôch, de walm sloech der ôf. Hy hie twa rûne leppels, der snjitte ek wat besleek oer it stel, dat koe der wer ôf. Hy liet seis protsjes besleek yn 'e oalje sinke, as rûne baltsjes komme se wer boppe. Ynse seach it mei wolgefallen oan, no soene se útsette. Dat diene se net. Ynse tocht earst dat de oalje net hjitternôch wie, hy kearde ien fan 'e 'knikkerts om, it dinkje wie fan ûnderen swart. "Wat is my dit ? Swart wurde en jimme net in bytsje ûntjaan, hoe haw ik it no ?"

Wol in fraach op syn plak, hy draaide it gas wat leger. As it sa hurd net gyng hie it guod wat langer tiid te ûntjaan. It joech neat, it bleauwen stive knikkerts. Dan mar wat mear besleek, men moat jin rêde kinne, doe waarden se sa grut as bakkerts. Ynse hie 't him gâns oars tocht, dy bakkerij skynde syn útfallen te hawwen, no ja, dit koe ek.

Under yn 'e panne wie it besleek oanbakt tsjin de boaiem. Dêr wie 't al sa justjes te bot oankomd, Fokje hie de panne earder fan 'e kachel krije moatten. Mar neat sizze, wêrom soene se de lêste dei fan it jier noch spul ha ? De panne mar yn 'e weak, dy rêde 'm wol. It alderslimste rêde 'r wat op, it like noch mældernôch. Tsjin Fokje sei er: "Ik sil my wat opknappe en even by heit troch de doar sjen, de âldman sit mar allinne".

Fokje fjurre, "Rin der mar út, lit my mar mei de brot sitte". Dêr joech er gjin antwurd op, as Fok it mâl fel oan hier wie der in bytsje mei te begjinnen.

Tsjin heit seit er dat er oan it oaljekoeken bakken west hie, it wie net rjocht betearde, Fokje hie it besleek te lang op 'e kachel stean litten.

Jûns stiene de bakkerts op 'e tafel, de dinkjes wiene sa hurd as hoarn. Mei in knyft snijde Ynse de dingen yn plakjes. "Se binne net alhiel ta har rjocht komd, kinst ek noch net iens sizze dat it in minne oaljekoek is, der sit wol stevichheid oan".

Fan Fokje krige 'r gjin antwurd, in gesicht as in ûle, Foar Ynse en Fokje waar it gjin fleurich útein, dat lei 'm oan Fokje.

De oare deis brocht Ynse de oerbleaune bakkerts nei de geit. "Dan kin dy de mage ek nochris kjel wurde".

It nije jier wie al in wike âld earst Fokje wer bydraaide. Doe hiene se dat ek mar wer hân.

Paulus Akkerman.

Freonskip

der sjongt wat
tusken dy en my

wurden dûnsje flodderwjukjend
oeren wei

se nimme
in flecht
en tille ús op
nei blauwe loft

sile mei yn
alle waar en wyn

yn 'e delte
fine wy de taal
fan klank en wjerklank

Ha jo it al heard

Dit is in tal aktuele stikjes dy 't opsocht en byinoar swile binne troch Jaap fan Bantegea en wer kreas yn it Frysk delskreaun binne troch Jan fan Beets fan de krite 'Us Memmetaal' fan Assen.

- ❖ **dat** op 27 jannewaris 1917 de ferneamde filmmakker Willy Mullens de toer fan Hylpen beklom. In kâlde noard-eastewyn snie troch alles hinne. Yn 'e djippte meneuvele hjir en dêr in reedridder oer de glimmende fearten. Oan 'e kimen in wite wimpel fan stoom: de trein ûnderweis nei Warkum. De trochkomst fan de tredde alvestêdetocht wie ien fan de hichtepunten. Coen de Koning kaam deroan, de man op hege redens, mei de snor fan in keizer, kolbertjaske oer de trui hinne.
- ❖ **dat** op it stedswapen fan Ljouwert in liuw te sjen is. Dat bist hat neat mei de namme "Leeuwarden" te krijen. Nei alle gedachten is it bist ûntliend oan in âlde tsjerke dy't oan Sint Vitus wijd wie. Dy tsjerke stie op de terp dêr't ek de Aldehou op stiet en wie yn de 17^e iuw al net mear as sadanich yn gebrûk. Wa wie Sint Vitus? In hillige út de 3^e iuw nei Kristus.
- ❖ **dat** de histoarysk bekende Fryske klok hielendal út de moade rekke is. Sels ynbrekkers litte de klok hingje, se binne neat mear wurdich. Ja, pake syn klok is gjin stoer mear wurdich en giet nei de âldizerman of soms nei it bûtenlân. It Hearrenfean, De Jouwer en Grou wiene sûnt ein 17^eoant yn de 19^e iuw de belangrike klokkemakkersdoarpen.
- ❖ **dat** in gouden earizer, soe dat net gigantysk knypt hawwe? Dat is fansels gjin fraach foar in moadeartikel. Yn de 16^e iuw is it earizer yn hiel Nederlân superhip. En it is funksjoneel. De ûndermûtse bliuwt troch dat izeren gefaltsje moai op syn plak en der kin in floddermûtse oan fêstmakke wurde. Yn de iere 17^e iuw groeit it ienfâldige earizer út ta in deftich sieraad. In izeren earizer is neat mear wurdich. Jo dogge

pas mei as jo in sijk koperen, sulveren of sels gouden eksimplaar hawwe !

- ❖ **dat** humor blykber feroaret. It taalgrapke "it kin net" dat troch Hollanners opfette wurdt as "het kan net", is eins sa flau as luzen. Dochs wurde krekt dat soarte fan 19^e-iuwske sechjes rekkene ta it type ferhaal dat oarspronklik út Fryslân komt. It grapke is ommers daliks ferbûn mei de taal dy't hjir praat wurdt.
- ❖ **dat** it swurd fan Grutte Pier dat yn it Frysk Museum hinget in 15^e-iuwske Biedenhändler is. Dat is in swurd dat jo mei beide hannen fêsthâlde moatte. Nei alle gedachten komt dat swurd mei merktekens en in geitelearen heft út Dútslân. It soe samar kinne dat Pier Gerlofs Donia (likernôch 1480-1520) it swurd oan in gefjocht mei in Saksyske soldaat oerholden hat. Syn tsjinstanner moat dan knap sterk west hawwe. It swurd, dêr't hiel wat bloed oan sit, is 2,13 meter lang en 6,6 kilo swier.
- ❖ **dat** Sint-Piter, dy't alle jierren op 21 febrewaris yn Grou betocht wurdt, deselde is as Petrus. De tsjerke fan it fiskersdoarp is oan dy apostel wijd. Petrus is ek beskermhillige fan de fiskers. De twa kalinderhilligen Sint-Piter en Sint-Marten hawwe wat meielkoar. Sint-Marten stiet ntl. oan it begjin fan de winter, Sint-Piter oan 'e ein. Alve novimber wie destiids de dei dat it wurkfolk dien krige. Ein febrewaris kaam alles wer ta libben en waarden minsken wer yn tsjinst nommen.
- ❖ **dat** yn maaie 1950, doe noch VV Heerenveen, de noardlike lânstiel behelle hat tsjin Ajax mei 6-5. Ik wit dat noch as de dei fan juster! Sa spannend! Ik wie doe 22 jier. Heerenveen stie nei in oere al mei 1-5 efter. Doe kaam ús Abe. Hy makke 2-5. Sân minuten letter: Marten Brandsma 3-5. Doe waard Abe dellein yn it strafskopgebiet: 4-5. Germ Hofma makke 5-5. Fiif minuten foar it einsinjal skoarde Marten Brandsma 6-5!
- ❖ **dat** de Ofslútdyk foar toeristen dy't Nederlân oandogge "the place to be" is. Se sjogge net allinne mei bewûndering nei

dat stik fernimstichheid, mar ek nei de bewenners fan dat stikje lân. Want hoe kinne jo sa soargeleas wenje ûnder de seespegel? Yn 1918 wurdt besletten om de dyk oan te lizzen neffens it ûntwerp fan yngenieur Cornelis Lely. Yn 1927 begjint de bou, yn 1932 is de ôfsluting fan de Sudersee in feit en leit der in dyk. Al is it net in echte dyk mar in daam: oan wjerskanten leit ommers wetter. Ir. Lely stiet as stanbyld yn Lelystêd en oan 'e kop fan de Ofslútdyk yn Noard-Hollân.

- ❖ **dat** elkenien de alvestêdekrúskes kent. Mar der besteane ek alvestêdemedaljes. Dy ûnderskieding is bedoeld om dielnimmers, dy't troch de minne en gefaarlike iiskondysje twongen wurde om mei de sawat 200 km. lange reedriderstocht te betiid op te hâlden, dochs ien of oare skeafergoeding te jaan. Fan dy alvestêdemedaljes, bekend as 'it rûntsje', binne mar inkele hûnderten makke en útrikt by 2 alvestêdetochten, t.w. yn 1940 en yn 1947.
- ❖ **dat** de bylden fan hûnderten supporters op it brechje fan Bartlehiem mei de alvestêdetochten de hiele wrâld oergeane. Bartlehiem is in ferbastering fan Bethlehem, it berteplak fan Jezus. Bethlehem wie de namme fan in frouljuskleaster dat yn 1175 oprjochte waard troch abt Freark fan it Hallumer kleaster Mariëngaarde.
- ❖ **dat** in nij boek ferskynd is: "De duvelin fan de helling", in neislachwurk mei sa'n 250 bynammen fan Eastermarders. Harren bynamme is broekophâlders. In byldsje fan de broekophâlder stiet midden yn it doarp. Inkele fan dy bynammen: bgl. Fokke Heare-God, Harm Byfoarbyld, Ruerd Poerbêst, Oebele Skeetskiter en Sikke Moai-hier. De bynamme waard faak ôflaat fan it uterlik, it hâlden en dragen of de manier fan praten. De Lemmer koe der ek wat fan bgl. Klaas Bek-en-Eagen, it Biertontsje, Auke Bot, Fine Bauke, Geert Post, ensfh. Ek in boekfol. Faak wisten se net iens hoe't de echte namme wie !

Dit is dyn jier

Heechút telt in minskelibben
 hûndert jier, dochs liket it faak fol
 mei tûzen jierren soargen.
 Wêrom pakst net in ljochtsje en
 giest op paad, no op slach,
 om te sykjen nei de lytse freugden ?
 Wêrom soest wachtsje op takom jier.

Lok en Seine yn it nije jier.

Ytsje Hettinga
 (Frij nei âld Sineeske spreuk)

Pet ôf foar it ferline, de jas út foar de takomst

'Toplokaasje'

Myn man sliept as in baarch, mei lytse snoarkjes. Ik kin mei gjin
 mooglikheid sliepe. Draai my suchtsjend om en om. It bêd is
 klam en it stjonkt. Alles stjonkt hjir yn dizze âlde houten

fakânsjekeet. De mufte lucht
 heazet my yn 'e kiel. De beide
 iepenslaande ruten stean wiid
 iepen. It jout gjin sprút.



"In toplokaasje" seinen se by de
 VVV. "Jim sykje stilte ? Kin net
 misse". No 'top' is it seker.. In hiel
 bosk foar ús allinnich.

Mei de auto kinst hjir net iens
 komme.

Klearebare natuer, dat wie ommers myn winsk. Unrêstich sjoch ik nei de iepen ruten.

Elke gek kin sa mar it hûs yn stappe. Us berôvje, fermoardzje, nei ien dy 't it fernimt. "Echtpear leit wike dea yn fakânsjehûs". De krantekoppen dûnsje my foar de eagen. As ik 112 belje moat, wat is hjir dan eins it adres ? It benaude swit brekt my oan alle kanten út.

Ynienen in klap ! Ik raas it út en wy sjitte beide oerein. In wynpûst hat it rût tichtsmiten. "Natuer of net ", sis ik bibberjend, mar ik wol hjir wei. !

Jantsje Oost (in kollum) .



It Frysk Boun om Utens is de oerkoepeling fan de oansletten krite bûten Fryslân yn Nederlân.

Yn 2023 bestiet it Frysk Boun om Utens 100 jier.

In tariedingskommisje besteande út Teatske Haanstra-Bosma fan Assen, Jolanda Lootens-Berg fan Swol, Hans Groenhof fan Assen, Jan Bosgraaf fan Swol, Jan Bijkerk fan Lelystêd en Kees van der Beek fan Hurderwyk, hawwe begjin novimber 2019 in earste gearkomste hân om ris te besjen hoe 't it FBoU foarm jaan kin oan dit jubileum.

In datum is al fêstlein: sneon 16 septimber 2023

Wêrom no al sa'n drokte meitsje oer wat noch sa fier fuort leit?

De kommisje is fan betinken, dat de tiid jin faaks tusken de fingers troch glûpt; minsken/organisaasjes dy 't wat betsjutte kinne, moatte jo op 'e tiid witte litte wat jo wolle.

No wol de kommisje net allinne betinke wat en hoe wy dy 100 jier fiere sille.

Dêrom dogge wy in berop op **alle Friezen om utens** om mei te tinken oer wat en hoe wy as FBoU hjir in grut feest fan meitsje kinne.

Hawwe jimme ideeën of suggestjes, of tinke jo in eigen bydrage yn hokker foarm dan ek, leverje te kinnen - jou it troch oan de skriuwer fan it FBoU: skriuwerbou@fryskbutenfryslan.frl . alles is wolkom !

Ein jannewaris 2020 komt de kommisje wer byinoar. Sy sette dan op in rige wat der troch jimme oanrikt wurdt – stjoer dêrom alles foar 1 jannewaris 2020 op nei boppesteand e-postadres. Yn 't foar tige tank foar jim meitinken – jim wurde op 'e hichte holden !

Ut namme fan de kommisje, freonlike groetnis.

Kees van der Beek, skriuwer Frysk Boun.

tel: 0341 55 93 43

mob: 06 – 398 77 465

Famyljenammen

Yn Fryslân waard der oan 1811 hast gjin efternammen brûkt. Gongber wie it patronym: de namme fan de heit waard tafoege oan de foarnamme. Jabik, de soan fan Jan neamden se dan Jabik Jans. Yn Yslân dogge se dat noch altyd sa.

Yn 1811 moast elkenien fan Napoleon him melde om syn efternamme yn te skriuwen: dy mocht elts sels betinke. Dat wie it begjin fan de boargerlike stân. It patronym waard yn ús provinsje noch oant fier yn de 19de ieuw brûkt, neist de efternamme. Yn doarpen en yn lytse mienskippen komt it patronym noch hieltyd foar.

Betsjutting fan de efternammen.

De oarsprong fan de efternamme kin ferskillend wêze. Sa binne der bygelyks nammen dy 't fan de foarnamme (Jansen) ôflaat binne, mar ek wol fan beroppen (Bakker of bynammen (de Bruin, de Lange) . Gauris komme se fan in geografysk plak (van Marssum) . Dêrneist binne der in soad nammen dy 't ferbastere binne en út it bûtenlân komme. In soad Nederlanners hawwe foarâlden út Dútslân of wiene eartiids Frânske Hugenoaten. Dêr komme dan nammen wei lykas Cahais (yn goed Frysk Kahaai).

Yn Fryslân einige in soad namen op 'stra' (Dijkstra, Zwaagstra). 'Stra' komt koartsein fan it âldfryske wurd 'sittera' ('sittend oan' of 'bewenner fan') . In famylje Zwaagstra kin dus fan Kollumersweach komme, mar ek like goed fan Beetstersweach. Minsken mei sa'n efternamme binne wis net allegearre famylje fan inoar.

Nammen dy 't einige op 'da' of 'ma' binne meastentiids keppele oan in foarnamme. Dy mei 'ma' komme faak fan in âlde famylje of de namme fan in pleats bygelyks Kingma of Jousma. Se stamme net altyd ôf fan dy minsken, mar namen de namme oan fan de pleats dêr 't se op wennen. Dat barde ek al foar 1811. De measte nammen ferwize nei in plak dêr 't men wei komt. Se wennen der doe net altyd. De namme Holwerda is bygelyks troch gjinien yn Holwert oannaam. Sels foar ien fan de meast foarkommende famyljenammen yn Nederlân, de Vries, jildt dat se meast hielendal net yn Fryslân wennen. Der wennen doe ek al mear Friezen bûten Fryslân as yn Fryslân. Mar sy wiene der grutsk op, dat harren foarteam hjir weikaam.

Mear witte ?

Sjoch ris op de hiemside www.cbqfamilienamen.nl . Der stiet in soad ynformaasje oer de betsjutting en oer de oarsprong fan efternammen, mar ek hoefolle minsken dy nammen drage.

Oernaam út it Búsboekje 2019.

Blêdfolling : it Nije Jier

Jierwiksel



It oerwurk fan 'e tiden
bliuwt net in omsjoch stean.
Wy meie wol weromsjen,
mar moatte fierder gean.
Wat hjoed bart is moarn juster
en dan is moarn wer hjoed.
Us dagen gean en komme
sa wis as ebb'en floed.

Mar lit ús net ferjitte
dat elke nije dei
foar ús, mar ek foar oaren,
wat freugde bringe mei.
Net foar ússels te libjen
binn'ús de dagen jûn
troch om in oar tetinken
wurdt mear foldienens fûn.

Atze Bosch

Nijjier

In bemoedigjend wurd,
de fraach hoe is 't mei dy ?

In freonlike groet
en in tút hearre der by

Mar ek in hân op it skouder
of in aai troch it hier.

Dat alles draacht by oan
in 'Lokkich Nijjier'

Geart Bos.

Nijjier

Tiid wit net fan skoftsjen
jierren rigelje oanien
stilstean by wat west hat
dêr is it faaks mei dien
Tiid wit net fan skoftsjen
in nij jier brekt oan
tiid sil nea skoftsje
altyd fan hjoed nei moarn
Moedich de tiid temjitte
jou dy net allinne op 'en paad
as mins ûnder de minsken
dan wint de sinne fan it skaad

Wieke de Boer

Blêdfolling

Op 'e flecht

In minske wol graach wêze
dê't er net is
en siket by it swalkjen
om syn gemis.

Sa fljocht hy himsels
yn 'e rin foarby
en it wiere lok
leit faaks sa tichteby.

K.Krol – van der Weg (út 'Tinzen')



Binnenstebûten

It is makliker in oar
fuort te stjoeren
as dysels te finen

Ytsje Hettinga

Bestjoer fan de krite

foarsitter	Mefr. G.Vos - Hamstra, de Woerd 9, 7824 RA Emmen. Tel. 0591 61 03 72 e-mail: gretalammers@hotmail.com
ponghâlder	Dhr. H.B.Klijnsma, Kerkstraat 6,7854 PG Aalden. Tel.0591 62 54 03 e-mail: harm@klynsma.nl
2^e ponghâlder en 'Lok en Leed' kontakt	Mefr. F vd Meulen,Burgm.Fonteinstraat 31 7751 CB Dalen. Tel. 0524 55 18 79 e-mail: f.vdmeulen@ziggo.nl
skriuwer	Dhr. Sj. van der Veen, De Mars 8, 7751 SN Dalen.Tel.0524 552862 e-mail: sjouke.vanderveen@kpnplanet.nl
2^e skriuwer	fakatuere
bestjoerslid	Mefr. A.Wieringa, Arve 23, 7824 RJ Emmen. Tel. 0591 62 08 36 e-mail: awieringa2@home.nl
Lede-administraasje	Dhr. H.Kloosterman, Laan vd Iemenhees 474 7823 JV Emmen. Tel 0591 62 65 92 e-mail: kloosterman.h@xs4all.nl

Kosten lidmaatskip: (2019 - 2020) € 10,= de persoan of € 15,= it pear . **Bankrekening** NL 26 INGB 000 23 52 578 t.n.v Fryske Krite Súdeast Drinte te Aalden. **Opsizzen lidmaatskip foar 1 maaie.**

korreksjewurk en oersetten: Anne Tuiten
redaksje - typewurk- layout: Henk Kloosterman